

Immen op bleate
fuotten moat gjin
stikels stekke

Op e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Rely Juniorpriis Roelof Kooistra

'Neffens heit is it hiel folwoeksen skreaun. It giet oer it libben, tink ik. Soksawat'

pagina 3>



Sinterbazen rinne mei yn optocht

Op de merke yn Easterlittens hawwe se it probleem fan de Swarte Pieten samar oplost

pagina 5>



Smalle gangetjes zijn verdwenen

Bij Posthuma in Wommels bakken de bakkers het brood in een nieuwe moderne bakkerij

pagina 7>

Tsjeard Hofstra en Berber Akkerman út Wommels dogge mei oan ultraloop yn Alpen 118 kilometer oanienwei drave troch de bergen is best wol aardich

Wommels – „Dat is ek wol aardich“, wie de reaksje fan Tsjeard Hofstra út Wommels doe't hy in poster hingjen seach fan in ultraloop yn de Frânske Alpen. Mar leafst 118 kilometer oanienwei dwers troch de bergen drave. Op 25 augustus gong Tsjeard (33) fan start yn de Ultra-Trail du Mont Blanc en de oare deis, nei 32 oeren en 56 minuten, kaam er yn it Frânske berchdoarp Chamonix oer de einstreep. Underweis wiene der mar sân rêst-mominten fan maksimaal tsien minuten. „Mar ik sjoch der mei in geweldich gefoel op werom.“ Syn freondin Berber Akkerman folbrocht de rin fan 53 kilometer.

Troch Hinne Bokma

We kinne it ús eins net goed foarstelle. 118 kilometer efterinoar drave troch de bergen. Fan dy 118 kilometer wie der yn totaal mar ien kilometer flak, dy oare 117 kilometers moast der kdommen en daalt wurde. En it gong somtiden oer rotspaadsjes dy't net mear as tritich sintimeter breed wiene. In part fan de race gong yn it tsjuster, in mynwurkerslampke op de holle soarge



Tsjeard Hofstra: 'It gong soms oere rotspaadsjes fan tritich sintimeter breed.'

foar in strieltsje ljocht. Oerdei wie it mear as tritich graden, 's nachts lei it kwik om nul hinne.

Tsjeard hie 33 oeren de tiid om de tocht te folbringen. „Nei 24 oeren krige ik yn de gaten dat ik

fliink troch rinne moast om op tiid oer de finish te kommen“, fertelt hy. It waard foar de draver út

Wommels in race tsjin de klok. Op de einstreep hie er noch mar fjouwer minuten oer. Foaral it nei ûnderen rinnen, by de berch del, foel Tsjeard ôf. „Je merke dat je de ûnderfining en de kracht misse om hurd nei ûnderen te gean. Klimmen joech net folle problemen.“ Fansels wie it flink ôfsjen. In seare knibbel, stikkene neilen fan de teannen en santjin blieren ûnder de fuotten pleagen him bot. Mar opjaan kaam net yn him op. Doe't it nachts kâlder waard hat er de skonkwaarmers oanlutsen. Foar de dielnimmers oan de ultraloop oer 118 kilometer leit it hichtste punt op 2700 meter. De paadsjes gongen foar in part oer in rotsfêfte omgeving mei losse stientsjes. Oer eltse stap moast neitocht wurde. „Je fiele je dan hiel kwetsber.“ Underweis rekke Tsjeard ek it besef fan tiid efkes kwyt. „Ik seach in boer melken en tocht wêrom docht dy man dat midden yn de nacht. Ik wist net dat it al seis oere yn de moarn wie.“

Berber Akkerman folbrocht har loop oer 53 kilometer yn 13.03,51 oeren en dêrmei kaam se rom binnen de limyt fan fjirtjin oeren binnen.

Leeuwarden blijft eerste keus ondernemers Winsum

Winsum – De Algemene Ondernemersvereniging Winsum zal zich blijven inzetten voor een samenvoeging van Winsum met de gemeente Leeuwarden. De Winsumer ondernemers leggen zich niet neer bij het besluit van het college van burgemeester en wethouders om vast te houden aan de oorspronkelijke herindeling, waarbij Winsum wordt toegevoegd aan de nog te vormen gemeente Westergo in Noordwest-Fryslân. Tijdens het Rûntepetear gaf voorzitter Piet Heslinga aan dat veel inwoners van Winsum nog steeds geen vertrouwen hebben in de nieuwe gemeente Westergo. Winsum heeft weinig raakvlak met Westergo.

De ondernemersvereniging hield een enquête in het dorp. Daaruit kwam naar voren dat de meerderheid van de inwoners meer voelt voor aansluiting bij Leeuwarden dan bij Westergo. Het college verwijst echter naar de inspraakavond, waar een meerderheid wel voor aansluiting met Westergo was. De ondernemers vinden het jammer dat het college nu niets voelt voor het heropenen van de herindelingsdiscussie. „Dit is voor ons geen reden om daarin te berusten. Voor ons geldt de toekomst voor onze inwoners“, aldus Heslinga. De vertraging, die de herindeling daardoor zou kunnen opleveren noemt hij heel vervelend, maar niet onoverkomelijk.

Dûnspleats De Wite Fûgel

Sacred Dance

Bewegen en beleven in Easterwierrum
www.sacreddance-friesland.nl of 06-24401788

Cursus Stem of Rem
Leer luisteren naar je innerlijk Start:

24 septimber 2014
6 woensdagavonden
19.30-21.00 uur

Plaats: Britswert

Zwemmen in de Boalsserter Feart



Tientallen zwemmers streden in de Boalsserter feart om een plekje in de eerste gelederen. In de passantenhaven in Wommels was afgelopen zaterdagmiddag de start van de tweede editie van de Triathlon Wommels. Naast een kilometer zwemmen in de vaart moesten de deelnemers van de kwarttriathlon veertig kilometer fietsen en tien kilometer hardlopen. In de diverse categorieën kwamen in totaal tweehonderd sporters in actie. Bij de kwarttriathlon ging de winst bij de mannen naar Alex Bergsma uit Doorwerth en bij de vrouwen kwam Anja van Zutphen uit Weidum als eerste over de streep.

Kapsalon & Visagie

De Freule

Tijdelijk nummer
06 22 57 81 52

Timmer- & Aannemersbedrijf

Van Ruiten

Tel. 06 24 629 763 | WOMMELS

www.aannemervanruiten.nl